

[0206]

10. *Ad Doccum* (?)

It rekkenboek fan Boazum hat yn O III 39 P 408 ²⁾ in opskrifteftige oantsjutting *Ad Doccum*(?), dat Sipma ek al net fortroude en dêrom mei in fraechteken forsierde. Hy hie gelyk: dat stiet der net. Ik leau dat wy wol mei wissichheit stelle kinne, dat der *Ad domum* stiet. Yn dat gefal moat it neffens it "nammesysteem" fan de útjefte mei lytse letter en boppedat skrast wurde yn it nammeregister.

Kin "*Ad domum*" as "*oan it hûs*" en as opskrift eigenskip ha? Yn de rigels 409-416 dy't folgje ²⁾, is praet fan útjeften foar *hout*, *preambier*, "*heljen*" (forfier), *lange daeljen*, *timmerjen*, *sân* en *ribben*, *reid* en *stien*, wylst ek neamd wurde Haeije Douwes (de pastoar syn feint), Fonger (timmerman) en Douwe skipper (foar it forfier fan boumateriael), meiinoar foar 28 gounen en 2 stûren. It is dúdlik, dat der (yn 1523) timmere is en dat der op syn minst foar 28 gounen en 2 stûren forklost is. Oan pastoar syn hûs? "*Ad domum*"! De neiklap komt yn P 431-433 ³⁾ (1524), as pastoar Edo Walkama skriuwt: "myn butehuijs hat coste an da XXX fl. buten dae cost ende myn feijnte arbeijt ende de hutte der dae fochden ende ick blioun hadde bij goede lioed hoe fulle dae tijerke der an staen sal ende ick der an staen sal." Edo hat der dus mar yntaest en it docht bliken dat syn *bûthús* en ek de *hutte* opknapt binne en dat der skeel ûntstien wie oer it oanpart, dat elk (pastoar en tsjerke) dêryn drage moast. Soenlju moasten dat fierder oprêdde: "der dae fochden ende ick blioun hadde bij goede lioed".

M. Oosterhout.

2) P. Sipma, Oudfriesche Oorkonden III, 's-Gravenhage 1941, side 107.

3) O III, side 108.